

Fersen / Gedichten jubileumprenten 25 jaar Grafiekplatform VOG

Pieteke de Boer, Paul van Dijk, Lida Dykstra, Remco Kuiper (pagina 1)

Janna van der Meer, Henk Nijp, Beart Oosterhaven, Marije Roorda (pagina 2)

Pieteke de Boer

Hoedzje my foar wyn en weagen
omklamje sêft dit Fryske lân
de sinne sakket yn it wetter
dyk om greiden, bosk en sân

Bescherm mij tegen wind en golven
omarm zacht dit Friese land
de zon zakt in het water
dijk om weilanden, bos en zandgronden

Paul van Dijk

It daagjen

moarnsdize ferberget de hymjende mûnen
in ljip dûkt op en sjongt in refrein
fan romte en foarby
dwars troch my hinne
sinnegiel fret oan syn silhûet

Het dagen

ochtendmist verbergt de hijgende molens
een kievit duikt op en zingt een refrein
van ruimte en voorbij
dwars door mij heen
zonnegeel vreet aan zijn silhouet

Lida Dykstra

Ragnarok

It twiljocht fan de tiid brocht sinnen yn ûnstjoer
Nei striid fan ryp en iis en it flakkerjende fjoer
Foel op it lange lêst in stilte oer it gea
Mar sied fergiet net - wér ûntkime de natoer

Ragnarok

De eindtijd maakte zinnen schimmig overstuur
Na strijd van rijp en ijs en het flakkerende vuur
Viel ten slotte een stilte over het land
Maar zaad vergaat niet – wéér ontkiemde de natuur

Remco Kuiper

It ferwûne wâld
ier ljocht sparket troch stammen
houteksters tsiere

Het gewonde woud
vroeg licht speelt door de stammen
vlaamse gaai ruziet

Fersen / Gedichten jubileumprenten 25 jaar Grafiekplatform VOG

Pieteke de Boer, Paul van Dijk, Lida Dykstra, Remco Kuiper (pagina 1)

Janna van der Meer, Henk Nijp, Beart Oosterhaven, Marije Roorda (pagina 2)

Janna van der Meer

skimer

kastielen ljocht sakket tsjok
yn wiid wêzen wei
sjoch it hynder draven
de tiid is read en ryp

schemering

kastelen licht zakt dik
weg in 't wijde zijn
zie de paarden draven
de tijd is rood en rijp

Henk Nijp

dreamkening

mei wolken as semint
mitselje ik skimer oan kantielen
tusken dream en moarn
bin ik de bouwer fan kastielen
op bergen yn'e loft as fûnemint

droomkoning

met wolken als cement
metsel ik schemer aan kantelen
tussen droom en morgen
ben ik de bouwer van kastelen
op bergen in de lucht als fundament

Beart Oosterhaven

Nocturne

loftshandich bern strykt
al fioelespyljend har
noatebalken leech

Nocturne

linkshandig kind strijkt
al vioolspelend haar
notenbalken leeg

Marije Roorda

O loft sa happich
nei stedsplein en glinstermar
aaist it plattelân.

O wolkenlucht zo gretig
naar stadsplein en glinstermeer
je aaist het platteland.